

Pilot-projekt Provinsje

Provinsjale Steaten (PS) hawwe it idee om oan safolle mooglik âlders fan krekt berne poppen (doelgroep 0-2 jier) yn Fryslân en oan nij-ynkommelingen (nije ynwenners fan bûten de provinsje) ynformaasje te jaan oer de foardielen fan it opgroeien yn in twa- of meartalige situaasje en de meartalige realiteit fan Fryslân.

De Provinsje wol dat dwaan yn de foarm fan in 'Rêchsekje Taal' foar de jonge âlden en in 'Wolkomstpakket Taal' foar de nije ynwenners.

Foar dat inisjatyf ha PS €275.000,-- it jier beskikber steld.

De meast effektive en effisjinte foarm fan distribúsje fan de pakketten is om it fia de gemeenten rinne te litten, mei om't soks binnen de wetlike mooglikheden fan de 'Wet Bescherming Persoonsgegevens' past. Boppedat wurdt sa it grutst mooglike berik krigen. Yn earste ynstânsje giet it hjir trouwens om in pilot-projekt.

Oanlieding/inisjatyf projekt

Ut resint ûndersyk docht bliken dat de oerdracht fan it Frysk (en de streektalen) op de nije generaasjes hurd efterútbuorket. Dat is in ferûntrêstende ûntwikkeling, dêr't de Provinsje fan út syn ferantwurdlikheid foar it Frysk wat oan dwaan wol en moat. Dêrom it projekt 'Rêchsekje Taal' as earste stap.

De doelgroep nij-ynkommers fan bûten de Provinsje hat somtiden net folle feitlike kennis oer de meartaligens en hoe dêr bewust aktyf mei om te gean. Mei in 'Wolkomstpakket' kinne kennis, hâlding en mooglik dêrnei it taalgedrach posityf beynfloede wurde.

Doelstellingen

It projekt 'Rêchsekje' hat primêr as doel om ynformaasje te jaan en in positive hâlding te bewurkjen oangeande de foardielen fan de meartaligens yn Fryslân. Wittenskiplike ûndersiken ûnderstreekje dat meartalich ûnderwiis en meartalich grutbringen fan bern goed binne foar it lear- en tinkfermogen fan bern. Troch it projekt wurde sichtberens en foardielen by âlders fergrutte.

It inisjatyf rjochtet him op de nijberne generaasje noch foardat dy ûnder it belied foar twatalige pjutteboartersplakken en basisskoallen berikt wurdt. It kin letter mooglik útwreide wurde nei âldere bern.

Nije ynwenners sûnder Frysktalige eftergrûn moatte mear bewust makke wurde fan meartaligens yn dizze provinsje. Dat soarget foar begryp, fleksibel der mei omgean kinne en betsjut mooglik in stimulâns om sels mear mei it Frysk te dwaan. Dus in 'Wolkomstpakket'. Fierder past ien en oar prima yn it taalbelied fan de Provinsje.

Taalnota 'Ta rjocht komme: it fanselssprekkend plak fan it Frysk' en Nota Frysk Taalbelied 2007 – 2010 'Better sichtber, mear fertroud'.

Ynhâld rêchsekjes

Yn it rêchsekje taal foar jonge âlden (I) komme in folder oer meartaligens, in list fan meartalige (ûnderwiis)sintra en dvd's of boeken dy't brûkt wurde kinne by it grutbringen fan bern.

Yn it rêchsekje wolkomstpakket nij-ynkommelingen (II) komme û.o. in brief fan de Provinsje, in brosjuere oer meartaligens yn Fryslân, ynformaasje oer kursusoanbod Frysk.

De Provinsje ferwachtet yn prinsipe fan de gemeenten dat it rêchsekje oanfold wurdt mei eigen materiaal.

Dat kin bygelyks mei folders/ynformaasje oer Frysktalige en twatalige pjutteboartersplakken en berne-opfang.

By 2 kin tocht wurde oan in gemeentegids, it meast resinte boargerjierferslach, gemeentlik Frysk taalbelied yn 't koart, it boekje 'Nij yn Fryslân' fan de Afûk en 'Boarnen foar de skiednis fan Ljouwerteradiel' (twatalich).

Arguminten

Reden om mei te dwaan is dat Ljouwerteradiel sels ek in aktyf Frysk taalbelied neistribbet. It is dan logysk dat it projekt yn praktyske sin fia Boargersaken rinne sil.

Sept. 2007